

Sjueryrapport Rink van der Veldepriis 2010

Achte oanwêzigen,

Yn it ‘Hollands Maandblad’ fan oktober 2008 leit Maarten ’t Hart yn syn artikel ‘Een mallotige primatenerfenis’ út wat hy tsjin literêre prizen hat. It is him opfallen, dat winners, bygelyks fan sportwedstriden, wêr’t hja ek weikomme, op it momint fan de oerwinning op sjimpansees lykje. ‘Zelfs de karakteristieke manier om met gebalde vuisten de armen in de lucht te werpen, kun je terugvinden in de rijke gebarentaal van de gorilla, de bonobo, de chimpansee en de orang-oetan’. Yn sjuery’s sitte neffens him meastens minsken dy’t nea in boek lêze. Priiswinnende boeken en skriuwers binne yn de koartste kear fergetten en in oar grut beswier is dat dy earme sjuery boeken lêze moat, dy’t hja oars nea lêze soenen. En dan fansels de sielen dy’t wol nominearre binne, mar al wer de priis net krije. Ek hat ’t Hart it mier oan de diners dy’t anneks binne oan de útrikking.

Gelokkich kaam dit artikel út in healjier nei’t wy troch Wieke de Haan fan ‘It Fryske Boek’ frege wienen om in sit te nimmen yn de sjuery foar de Rink van der Velde Priis 2010. Oanwêzigen, wy kinne jim gerêststelle. Der is gjin diner, wy hawwe mar ien skriuwer nominearre en jimme sjueryleden fan dit jier binne wiere boekefretters. Wy hawwe de ôfrûne twa jier rûchwei sa’n fjirtich boeken lêzen, somtiden trochwraksele, mar folle faker mei in soad nocht en wille lêzen. Guon leden wienen fan miening dat fjirtich kear fiksje dat men sels net keazen hat, dochs in soad is. Benammen as men sels graach non fiksje lêst en ek noch de net Frysktalige literatuer byhâlde wol. Fansels sille wy aansen by de útrikking yn ’e gaten hâlde oft it gedrach fan de priiswinner past by de omskriuwing fan Maarten ’t Hart.

Yn it sjueryreglement foar de Rink van der Velde priis stiet de doelstelling: ‘De priis is ornearre foar oarspronklik en nij Frysk proaza of oarspronklik en nij proaza yn ien fan de streektalen dy’t yn Fryslân brûkt wurde en dat as selsstannige boekútjefte ferskynd is. It proaza moat yn de geast fan it wurk fan Rink van der Velde skreaun wêze, literêr en gaadlik foar in breed publyk’.

Wy hawwe ús net ferlern yn teoretyske skôgingen oer wat ‘literêr’ is of wat foar ‘breed publyk’ betsjut. Dy diskusje sil nea ta in ein komme. Dochs wienen wy it oer it generaal al gau mei elkoar iens oer hokker boeken fuort en daliks troch de earste seleksje komme.

Guon skriuwers en net de minsten wolle net meidwaan sûnder dat dúdlik is werom. Dat is spitich. Ien fan de skriuwers woe net meidwaan om’t er fan betinken wie dat syn boek net oan de kritearia foldie en hy lei út werom net. Dat bringt ús op in wichtich punt. Yn it ferskaat oan wurk dat wy tastjoerd krigen wie yndie in tal, wy hienen ferskil fan miening oer hoefolle krekt, dy’t op gjin inkelde wize oan de kritearia fan de priis foldienen. Dat soe neffens ús yn de takomst betsjutte moatte dat skriuwers en of útjouwers noch mear as no in foarseleksje meitsje. Sy soene folle kritysker wêze moatte. Wy krigen no ryp en grien en wurk fan uterst wikseljende kwaliteit en der wienen útjeften by dy’t fanwege it karakter fuort oan kant koenen. Der bleau lokkich genôch oer dat de muoite wurdich wie.

Opfallend is dat der praat wurdt oer saneamde ‘ûntlêzing’, ommers televyzje, kompjûter en oare ferdiveadaasje by ‘t soad. It Frysk nimt spitich noch altiten mar in beheind plak yn op de skoallen, en dochs in rispinge fan mear as fjirtich stiks proazawurk. Dat seit fansels neat oer it tal lêzers. Mar wy binne der net gerêst op.

Oer de priiswinner wienen wy it ridlik gau mei elkoar iens. Hokker boeken ek neamd wurde moasten, kealle dreger. Wy wienen tige te sprekken oer ‘de Frouwepenje’ fan Harke Bremer en Jarich Hoekstra. ‘De froulju hienen de hiele wike al klage dat de molke gearskeat en dat it net bûterje woe’ en dat is noch mar it begjin fan dit misdieferhaal dat yn de 14de ieu spilet en yn prachtich âldmoadysk, mar geef Frysk skreaun is.

It boek dat neffens ús it moaist útjûn waard, wie ‘Ik, Anna’ in histoaryske roman oer de Ingelske prinsesse Anna fan Saksen en de Fryske stedhâlder Willem K.H. Friso. It boek jout in nijsgjirrich byld fan it hoflibben yn de 18e ieu. It waard skreaun troch Lida Dykstra. Oan útjeften as dizze soenen oare útjouwers in foarbyld nimme kinne.

Hiel bysûnder wie ‘Kening Kees’ fan Cornelis van der Wal. In boek mei opstokeljende taspraken en de ferdwining fan in provinsjale bestjoerder, dêr’t mannich Fries en Fryske sitewaasje yn te werkennen is. De beskriuwing fan de sel yn de finzenis, dêr’t de novelle mei begjint, komt út it ûnthâld fan de skriuwer sels.

Eeltsje Halbertsma libbe yn de earste helte fan de njoggentjinde ieu. Yn ‘Eeltsje en ik’ folget sjonger en skriuwer Bennie Huisman yn fiif reisferhalen op meinimmende

wize de spoaren fan dokter Eeltsje yn Grou, Boalsert en Heidelberch. It ferhaal wurdt opsiere mei ferskes en gedichten. Hoe soe it oars kinne mei dizze skriuwer.

In boek dat hege eagen by ús goaide wie ‘It piipjen fan de proai’, in ferhalebondel fan Sjoerd Bottema. Apart, mar altyd tige kreatyf fan oanpak, lykas it healwize ferhaal fan Bontsje Melchert, de widdo fan Swarte Willem, dy’t it iten fan ‘Tafeltje Dekje’ stean lit, mar de sjauffeur oerhellet om patat mei mayonêze en in frikandel – bearelul, sei Willem altiten – foar har te heljen.

Úteinlik hawwe wy ienriedich keazen foar in boek dat wy al yn ús earste besprek fan juny 2008 oan kant leine as mooglike priiswinner. Dat wol net sizze dat wy der gjin kryptyk op hawwe. Net op it ferhaal, net op de styl, mar wol op de sloarderigens dêr’t it mei útjûn is. Skriuwer en redaksje hienen it wurk kritysker neilêze moatten. Foarbylden dêr fan binne it hiele boek troch te finen. Hjir in pear konkrete; te begjinnen op side 10: (sitaat) ‘In tiid dat fiskers oan grutte marren wennen yn har lytse lege húskes en it ferfier fan molkbussen fan de boeren en oare frachten oer it wetter *gongen*’. ‘it ferfier’ **gong** oer it wetter. 2e foarbyld, side 12: ‘De twaling Tsjalling en Tseard yn har lytse blau fersketten overals wiene yn ’e simmer de hiele dei tusken it folk en nêst it Frysk learden sa al gau frjemde talen’. It wurdse ‘se’ achter ‘learden’ is fergetten. In tige steurende flater stiet yn it haadstik USA; Tseard is yntusken ek ôfreizge nei Amearika, op side 33 kriget er ynienen de namme fan syn heit, Tsjerk.

It is in roman dy’t foar in part op wiere gebeurtenissen basearre is. In roman oer it Fryske plattelân, oer Gaasterlân, oer emigraasje, oer Montana yn Amerika . In roman dy’t jo fuort en daliks fan it begjin ôf oan as it ware meisûget yn it ferhaal. By tiden poëtysk, moai fan taal en styl, spannend, orizjineel fan opset, in ‘pageturner’. In nijsgjirrich ûnderwerp en grif oansprekkend foar in breed publyk.

De sjuery hat besletten om de Rink van der Velde priis 2010 ta te kennen oan ‘De Hearen fan Fryslân’ skreaun troch Arjen Terpstra en útjûn troch de Friese Pers Boekerij.

Drachten, 17 febrewaris 2010

Pier Bergsma Sjoerdsje Veenstra – Paulusma Sjoerd Ijbema